

Omrop Fryslân siket foar de redaksje fan Noardeast Fryslân in:

SJOERNALIST

Hâldst do fan it Waad en de Wâlden, hâldst do fan it nijs en fynst it belangryk om dit mei elkenien te dielen?

Dan binne wy op syk nei dy.

Do komst yn tsjinst by Omrop Fryslân en wurkest by streekomrop RTV NOF op de redaksje yn de Westereen. Dyn wurkgebiet bestiet út de gemeenten Noardeast-Fryslân, Dantumadiel, Achtkarspelen, Tytsjerksteradiel, It Amelân en Skiermûntseach. Dyn ferhalen wurde brûkt by RTV NOF en binne dêrneist diels ek geskikt foar Omrop Fryslân.

Dyn taken as sjoernalist:

- Do bist betûft yn it skriuwen fan ferhalen en yn it meitsjen en bewurkjen fan audio- en fideo-opnamen.
- Do bist op 'e hichte fan feiten en eftergrûnen oangeande aktuele en maatskiplike ûntwikkelingen yn Fryslân;
- Do bist by steat om in netwurk op te bouwen en gear te wurkjen mei de frijwilligers fan RTV NOF;
- Do bist by steat om feiten te beoardieljen op betrouberheid;
- Do riedst de produksje fan de ferhalen ta;
- Do folgest aktyf de lokale polityk;

Wat hast yn hûs?

- Do beskikst oer in sjoernalistike (of ferlykbere) oplieding;
- Do hast bining mei de regio Noordoost-Fryslân.
- Dyn algemiene ûntwikkeling is breed;
- Do hast goede kontaktuele eigenskippen;
- Do praatst Frysk. Frysk skriuwe is in pree;
- Do kinst ferhalen skriuwe en audio- en fideo-opnamen meitsje en ferwurkje;
- Do fynst it net slim om yn wikselsjende tsjinsten te wurkjen, ek yn it wykein;

Hasto ûndersteande feardichheden?

- Do bist profesjoneel;
- Do hâldst fan oanpakken en kinst yn teamferbân wurkje;
- Do bist entûsjast en nimst it inisjatyf;
- Do bist fêsthâldend en by steat om op taktfolle wize oare minsken te oertsjûgjen.

Wa binne wy?

Do komst te wurkjen op de redaksje fan RTV NOF op 'e Westereen. In lytse, mar dynamyske nijsredaksje dêr't gjin dei itselde is. By RTV NOF krijst do de kâns om dy folop te ûntwikkeljen. Do kinst flot skeakelje en der binne koarte lyntjes mei dyn neiste kollega's en de kollega's fan Omrop Fryslân.



Wat krigesto fan ús?

- Fan de kennis en ûnderfining fan Omrop Fryslân en RTV NOF út wurdst begelaat op it mêd fan sjoernalistyk en technyk;
- In ynteressante funksje yn in dynamyske, ynformele wurkomjouwing;
- In kursus byldferhalen en fideoreportaazjes meitsje en in kursus berjochten en ferhalen skriuwe foar online platfoarms;
- Begelieding troch in koördinator fan de Omrop en RTV NOF;
- In kontrakt fan 32 oant 36 oeren wyks;
- In lean op basis fan de CAO Omroeppersoneel;
- Goede sekundêre arbeidsbetingsten.

Wurdsto ús nije kollega? Wachtsje net langer en sollisitearje foar 26 novimber 2023 op dizze fakatuere.

Hast fragen, nim dan kontakt op mei einredakteur Sybren Terpstra: Sybren.Terpstra@omropfryslan.nl.

Stjoer dyn motivaasje (yn hokker foarm dan ek) nei Ilse Gielstra, adviseur P&O, fia P&O@omropfryslan.nl